



Lyts Frisia

tydskrift foar fryske striid en literatuer

JIERGONG LIV nûmer 3

septimber 2005

ISSN 0166-6029

FYTSLIET

*In bare sinne, in sudewyn -
Kom mei, wy gean de Wâlden yn!
De dyk is gleon, de loft is soel,
De bosken grien en koel.
Sa traapje wy de leanen lâns
By leafgewiuw en simmerglâns,
Goedei, goedei, goedei -
Mei de iere moarn op wei!*

*Kom mei, de Fryske flagge op 't stjoer!
It glydt der glêd en feestlik oer;
In dei is lang en 't libben skoan:
Wy sizze 't bliid goemoarn!
It hert is gol en fleurich 't praat,
De fytsen fearje licht oer 't paad,
Goedei, goedei, goedei -
Haw lok wa 't barre mei!*

Fedde Schurer (1898-1968)

(Ut: 'Samle fersen', 1980)

Samlers: Jan Jongsma, Anneke Jousma en Bertus Postma. Opmaak en technyske fersoarging: Piter Dykstra. Redaksje-adres: Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum (Tel. 0511-463869). Lidmaatskip Jongfryske Mienskip ynkl. LYTS FRISIA: € 7,50. Lêsjild LYTS FRISIA: € 5,00. Giro 1069535 op namme fan: Skathâlder fan de Jongfryske Mienskip, Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV BURGUM.

B.J.P.: MARTEN SIKKEMA / G.A. GEZELLE MEERBURG FERSTOARN

De op 2 maaie ferstoarne Marten Sikkema wie beweger, letterkundige, dichter, skriuwer, oersetter, radioman, folle en net genôch.

As beweger trof ik him yn it Frysk Studinte Almenak as lid fan Redbad (1945-1947) en as bûtengewoan âldlid (1948-1956). Yn in rou-advertinsje yn de Ljouwerter neamde it FLM-bestjoer him letterkundige. De kranteman De Groot beskreau syn wjerfarren yn 'e oarlochsjierrren as dichter-yn-it-ferhoalene en ûnderdûker. Yn in apart stik eare er Sikkema as feardich dichter en treflik oersetter neitiid. (Ljouwerter fan 6 en 7 maaie.)

Yn maartmoanne fan 1952 rekke ús man mei de Kneppelfreedofsier, mr. F. Hollander - grut ferstân, mar sûnder ferstân fan minsken - yn 'e kunde. Se troffen inoar yn de sel, dêr't Sikkema doe in deimannich útfanhûze. It corpus delicti wie in briefke, dat de ûnskuldige iene neffens de breinroerige oare skreaun hawwe soe.

Dat struibriefke hinget te uzes ûnder yn 'e keamer oan it lewant en fan de stoel ôf haw ik dêr it sicht op. Nea net rekket my de les fan freed 16 novimber 1951 út it sin en yn it ferjit.

Yn de saak fan de mislediging fan de Feanster kantonrjochter mr. Wolthers stie Fedde Schurer de 18e fan maart 1952 yn heger berop foar de Ljouwerter hofrjochters. Dy deis waard ek de oprop ûnder it publyk útdield:

Friezen fan Stêd en Plattelân!

-
Hawwe Jim de les fan Freed
16 Novimber 1951 forstien?
Frijheit bitsjut yn Fryslân:
gummyknuppel, brânsput, koartom
methoaden fan Schalkhaar.
Rjocht bitsjut yn Fryslân:
op 'e knibbels foar Rjochters en oare Hearen.
Kultuer bitsjut yn Fryslân:
eigen tael rjochtleas, eigen folk fûgelfaei.
Wy meije allinne **Arbeidzje** en **Bitelje**.
Friezen, hwat is dêrop Jim antwurd?!

Op heech bestel fan de moardsuchtige ofsier, mr. Hollander,¹ stie de plysje de oare deis al by de printer, Fedde Dykstra, op 'e stoepe en by trije oaren dy't op meidwaan oansjoen waarden. De plysje hie de pest yn fanwegens dy 'methoaden fan Schalkhaar',² en de Bewegingsrie skreau yn in iepen brief oan

¹Fedde Schurer, 'De bisleine spegel', Moussault-Amsterdam (1969). "Hy wie in útsprutsen fijân fan 'e Fryske beweging en hie alris útlitten dat er dêr nochris mei ien klap in ein oan meitsje soe." (side 133) "As dát gjin moardsucht wie, dan kin it wurd mar better út it wurdboek skrast wurde. By him, mr. Hollander, soe de folle ferantwurdlikens lein hawwe foar de Slach op it Saailân." (side 140). De man "is nei net al te lange tiid fuort promovearre nei it Westen." (side 142)

²Schalkhaar wie it plak dêr't de plysjes it fak learden yn de oarlochsjierrren.

mr. Hollander, dat er it pamflet foar syn rekken naam en it folslein mei de skriuwer iens wie.³

“Erchtinkendheid wie it ek dy’t him (mr. Hollander, BJP) ûnfersjoens en mei gâns mankrêft op 18 maart 1952 in ûndersyk op gong bringe liet yn ferbân mei de fersprieding fan in wat ûngelokkich pamflet (...) Jongerein fan it middelber ûnderwiis waarden op in jûne út ‘e hûs helle en oant let yn de nacht útkloarke. Oppakt waard G.A. Gezelle Meerburg, haadassistint fan de Fryske Akademy (better bekend ûnder syn skriuwersnamme Marten Sikkema). In rekonstruksje fan dit gefal makket oannimlik dat mr. Hollander, dy’t sels de lieding hie fan de aksje, oertsjûge wie fan it bestean fan in steatsgefaarlike gearspanning efter it útjaan en fersprieden fan it struibrief. (...) Meerburg mocht nei inkelde dagen arrest wer nei hûs ta.”⁴

De ferklage (Fedde Schurer, BJP) skreau op 22 maart yn syn Feanster Koe-rier: “As der al om sa’n ûnnoazele tekst op minsken jage wurdt, wat sille de autoriteiten dan wol net dwaan as der werklik wat fan belang bart? It is better dat de plysje de maat en beskermer, as de skrik fan it folk is. Mar as de machthawwers nettsjinsteande alles dochs it lêste leaver binne, dan sille se ûnderfine, dat se hjir mei in folk te krijen hawwe, dêr’t it begryp frijheid gjin neatsizzende gjalp foar is.”³

Wa’t de oprop oan de Friezen fan Stêd en Plattelân skreaun hie? It woe Meerburg wol oan, dat Geart Jonkman de skriuwer west hie. “Mar dêr kin ik gjin eed op dwaan, want dat is allinne mar in idee fan my.” Sels wie Gezelle Meerburg de skriuwer net, alhoewol’t mr. Hollander dat net leaude: “Dy begûn my freeslik út te skellen. En op dy Fryske saken te skellen (...) Mar dy hie de pest yn. Want de rjochtbank hie him gjin tastimming jaan wollen om my langer fêst te hâlden.”³

Mr. Hollander koe omraak skelle en skamperje, Meerburg wie net syn slachtoffer.⁵

³Peter R. Boomsma, ‘Kneppelfreed’, Van Wijnen-Frjentsjer (1998), siden 90-92.

⁴Sj. van der Schaaf, ‘Skiednis fan de Fryske Biweging’, De Tille-Ljouwert (1977), side 369. It sil de lêzer opfalle, dat Van der Schaaf guon minsken op de 18e maart ophelje lit, wylst Boomsma de deis nei dy 18e neamt.

⁵P. de Boer, ‘Rumoer om P. de Boer’, Bûn fan Mobilisaasje-Ynvaliden en har Besibben, en de Stifting ‘De Nederlânske Soldaat’-Drachten (1953), side 37.

Feresieten & Friezen

(Oer it Friezene Ferline, diel 1)

Jierren lyn blêdere ik win slach yn it Alde Testamint (jo hoege net tsjerks te wêzen om der hiel wat nijsgjirrichs yn te finen). De Fryske Bibel is prachtich moai Frysk, mar wykt hjir en dêr ôf fan de âlde Steate-oersetting (is mear 'politically correct').

Myn each foel op Deuteronomium 7 : 1 (Steate-oersetting): "Wanneer u de Heere, uw God, zal gebracht hebben in het land ... en Hij vele volken ... uitgeworpen, de Hethieten (de Fryske oersetting skriuwt Chittiten), en de Girgasieten, en de Amorieten, en de Kaänieten, en de Feresieten en de Hevieten, en de Jebuzieten, ..."

Wytze de Boer

It foel my doe op: Feresieten en Friezen? It skaait aardich nei elkoar. Ik ha der wat oer gear west. De Hittieten wurde oeral binnen en bûten de Bibel neamd. Hittieten, of Chatten of Katten, wiene in Indo-Germaansk folk, dat harren ek yn Europa festige hat of der altiten al tahâlden hat. Nammen dy't hja neilitten hawwe, binne yn Dútslân it greefskip Hessen en yn Nederlân Katwyk. De Feresieten wurde mear as tweintich kear yn de Bibel neamd, mar hast oeral tegearre mei de Hittieten.

It mearfâld '-ieten' is troch de Bibel-oersetters betocht en hie eins better '-en' wêze kinnen. Dan hie it Hitten en Feresen west. No komme wy tichter by hûs. Tacitus hat it oer Chatti en Frisii. Yn it Hebrieusk, sa't in professor yn de Semietyske talen my ferdúdlike, is it 'Frsm', útsprutsen as Frisim en krekt sa Hittim of Chittim. Ik ha in ortodokse Joad frege om it wurd 'Friesians' yn it Hebrieusk oer te setten en hy skreau 'Frsm'. It stiet der dus letterlik.

Yn 1983 ha 'k yn Frysk & Frij,

silliger, der in stikje oer skreaun mei de fragen: 'Hawwe der destiids Friezen yn Palestina tahâlden?' en: 'Is dy oerienkomst, Friezen en Feresieten, nea earder immen opfallen?' Ik ha it ek noch hân oer âlde legindes oer de Friezen har komôf út it easten, ensfh.

Yn it folgjende nûmer fan Frysk & Frij stie in kordaat antwurd fan in L. Jansma mei op de earste fraach 'Nee' en op de twadde 'Ja'. Jansma skreau: Der ha troch de ieuwen hinne hiel wat skiedkundigen (Bogerman, Jancko Douwama, Edo Jongema en noch in stikman-nich) west, dy't in ferbân lein ha tusken Friezen en Phoensiers, ensfh. Neffens Jansma heart dat allegearre ta de 'Fabelhistoarje', wat allegear út 'pseudo-boarnen' wei komt. In man as Jurgen Spanuth, dy't syn libben lang ûndersyk dien hat oer de Phoensiers, waard wer troch in oare útmakke fan in 'warhoofdige dominee'. Typysk, dat minsken dy't oars tinke sa faak belachlik makke wurde. By tekoart oan jildige arguminten fan de eigen kant, liket my sa ta.

Op Ynternet fine jo neat oer sa'n

mooglik ferbân. (Fan 'e maitiid ha ik dr. L. Jansma, wittenskiplik direkteur fan de Fryske Akademy, dy't ik riede deselde man wêze moat, in brief der oer skreaun, mar gjin antwurd werom krigen.) Wêrom't al dy skiedkundigen it by it ferkearde ein hiene, hawwe Jansma en oaren it net oer hân. Nimmen hat ek útlein, hoe't it dan al siet mei it Friezene ferline fan foar ús tiidrekking.

NB: It stiet der letterlik: Feresi-eten = Frsm = Friezen. Men soe sizze, dy't it net oan wol, moat my oertsjûgje wêrom't dy beide folken net deselde binne, en net oarsom. Sa't jimme witte hawwe wy der

op skoalle neat mear oer leard as: "Twee honderd jaar voor Christus kwamen de Friezen en Bataven in ons land." Wy hawwe nea heard wêr't se wei kamen. Jansma skreau wol: "Oer it Friezene ferline moat noch hiel wat útsocht wurde." Dat is no tweintich jier lyn. Myn fraach is: Binne de skiedkundigen wat opsketten yn dy tiid?

Ik soe graach réaksjes op it boppesteande hearre, fan hokker aard dan ek. Ik soe it tige wurdearje om antwurd te krijen fia de eamel of de post. Myn adres is: Wytze de Boer, Posbus 70157, Die Wilgers 0041, Pretoria, Súd-Afrika. Eame-ladres: deboer@mega.co.za

THET ORA LINDA BOK

(Oer it Friezene Ferline, diel 2)

No beweech ik my op gefaarlik terrein. Wachtsje efkes foardat jimme my útgnize. Der is okkerjiers in Afrikaanske oersetting fan ús ferneamde Oera Linda Boek ferskynd. Foar wa't net op 'e hichte is: Afrikaansk is de taal fan de no noch fjouwer miljoen Afrikaners yn Súd-Afrika, de Boeren dus (in lyts miljoen is al emigreard út it 'New South Africa').

Wytze de Boer

Sels ha 'k mear as tweintich jier lyn in stúdzje makke fan it Oera Linda Boek, nei't myn freon út Dronryp, dokter K.M. van der Kooi silliger, my Ottema syn útjefte fan 1876 ta stjoerde. Ik ha ek in kopy fan it oarspronklike dokumint meit-sje litten.

By it lêzen foel it my al rid-

lik gau op, dat it op syn minst foar in part in ferfalsking wêze moast. Mar om oare redens, as dy't ûndersikers en oare kritisy oantsjutte. It boek stiet namment-lik fol mei gejammer oer it folk, dat ûnrjochtfearlich en ûngelyk (ûndemokratysk soe it no hjitte), behannele waard. Allegear typysk Jean-Jacques Rousseau geëamel. Soks is folslein frjemd oan ús

foarteam, de Kelten en Germanen. Der is neat, of yn elk gefal mar in bytsje, oer beskriuwing fan striid, fjild- en seeslaggen en fan kenings- en oare deastekkerijen. Fierder yn hiele stikken in krimenearjen oer de Friezen, dy't harren taal ferlieze en mei frjemd weirinne en dan ek noch taalkundige ferdúdlings. Ek allegearre typysk njoggentjinde iesk yntellektueel geëamel. Soks wie Friezen en ek oare folken eartiids folslein frjemd.

Dit wie al, foardat ik Mr. Van der Meij syn 'Kanttekeningen' tastjoerd krige. Dy syn boek die fansels de doar ticht. 'Kanttekeningen' is in ferslach fan in hiel deeglik ûndersyk, dêr't Van der Meij, foar my oertsjûgjend, dûmny Joast Halbertsma as haaddieder oantsjut. In hiel stel oaren, net allinnich Van der Wijs, moatte belutsen en der noch mear fan witten hawwe. Der wurdt earne praat fan Bitgumerkring, ensfh. Yn it beheinde Fryslân soe it gewoan ûnmooglik wêze, dat de ferfalsking net bekend wurde soe. De ienichste ferklearing der foar binne neffens my de Frijmetselers-lôzjes, dêr't de leden foar mekoar oer geheimhâlding sward hawwe. As ien in bettere ferklearing wit, hear ik dat graach.

Tsjinoer frjemd fiel ik, as Fries, in soarte fan skamte dat Friezen soks flikt hawwe. It is oan alle kanten ûn-Frysk. It leit foar my ek goed yn 'e reden, dat Ottema it op it lêst net mear ferneare koe en dêrom himsels tekoart dien hat. Mar no in oare kant. De fraach is: Is it allegearre fantasy? Joast Halbertsma hie in grutte bibleteek en Van der Meij hat ek oantoand, dat hy (JH)


der ek út oanhelle hat. Soe hy út syn skiednisboeken ek stikken oernommen hawwe, dy't wittenskiplik ferantwurde binne? Bygelyks hypotezen fan oaren oer it ferline fan de Friezen, dy't yn it Oera Linda Boek dan as wier ferkundige wurde.

Men kin hjir bygelyks de Bibel der mei fergelykje. Yn de Bibel steane ek hiele stikken, dêr't de skiedkundigen en archeologen wol fan witte, dat it histoarysk net ferantwurde is. (Ik bedoel net it prachtich symboalyske Adam-en-Eva-yn-en-út-it-paradys ferhaal, dat - lykas Noach en de Sûndfloed - yn elk gefal by de Sumeriërs weikomt.) Lykas mei de Bibel hoecht men net it hiele Oera Linda Boek oan de kant te smiten as der ûnwierheden yn steane. De griemerij yn it OLB is yn safier slimmer, om't it koartlyn bard is en de dieders fan ús tiid en bekend binne.

Der is noch wat. As it allegearre ûnsin wêze soe, wat is it dan dochs dat it safolle minsken, sels en foaral ûnder it gelearde folk, yn de besnijing hâldt? Ik soe op dy fraach ek wolris antwurd hawwe wolle. Ferline jier, bygelyks, hat in Goffe Jensma, wierskynlik grifformearde, syn dissertaasje oer it OLB klear makke en is promovearre yn de godstsjinstwittenskip, nota bene. Ik bin fan doel om in stik yn it Afrikaansk tydskrift oer it OLB te skriuwen en ek yn bysûnderheden wêrom it falsk is. Mar ik ha troch ûnderfining útfûn, dat soks neat opsmyt. En it leit my ek net, as jo der neat foar yn it plak sette, al is it ek min of mear spekulatyf. Dêrom earst diel 1 oer de Feresieten

en no dit diel 2, dêr't ik graach kom-
mintaar op hawwe wol, fan hokker
aard ek, sa't ik earder ek sei. Eame-
ladres dus: deboer@mega.co.za

Neiskrift: Diel 3 oer it Friezene
ferline stiet op de stoof.



B.J. P.:

OAN MR. O.F. BROUWER, OFSIER FAN JUSTYSJE

Heechachte mr. Brouwer,

"Ofsier Brouwer nei Grins ta." (LC 28-4) "Parse-ofsier ferfart." (FD 29-4) As beide grutte kranten itselde skriuwe, dan is it wier. It seit fansels, dat Frysk Fryslân jo misse sil. Troch jo is it klimaat yn de magistratuer gâns feroare. Wy binne der wiis mei. Wy beseffe wol, dat minsken yn in amt as jowes geregeldwei ferfarre. Der is neat oan te dwaan, mar it is yn jo gefal alderspitichst. Jo geane werom nei Grins ta. Dêr binne nei alle wierskyn helte mear ferkeardelingen as hjirre, dat jo hoege jo dêr net te ferfelen. Ried de Kommissaris Alders op tiisdei 15 maart gjin 150 kilometer yn 'e oere op ús Wâldwei, 50 kilometer/oere te hurd? Dat soe uzes net úthelje: dy kin boppe de 120 kilometer/oere net sliepe, hat er sein. (Mar dat stie mar yn ien krante.) Alle gekheid op in stokje. Wy winskje jo it bêste ta dêrjinsen. Mar lit ús de stille hope hâlde, dat jo ea, mar wol foar jo pensjoen, nochris wer dizze kant útkomme.

Mei Bitgummoolster achtlinge,



Wysheden of gewoan moai sein (8)

- ♥ Swiete parren en jonge fammen kinne net duorje.
- ♥ Men wurdt altiten fan in strontkarre oerriden, mar nea fan in glêzen wein.
- ♥ "Ik sjoch it kwea oer de holle," sei Sibbele en hy troude mei in lyts wyfke.
- ♥ As de dokter helle wurdt is 't in ingel, mar as de rekken komt is 't in duvel.
- ♥ "Gjin Frysk yn 'e tsjerke," sei de man, "dêr is my de snein te goed foar."
- ♥ As de kat fleane koe, dan wie der gjin protter mear yn 'e loft.
- ♥ Wa't noait swak wêze wol, moat de leafde útbanne.
- ♥ "In preek yn 't Frysk hie 'k tocht. Ha 'k my dêrfoar ferklaaid?" sei Piter.
- ♥ De nearing is in teare juffer.
- ♥ Ungelokken en twillingen komme selden allinne.
- ♥ "Fersinnen is minsklik," sei de man tsjin it wiif en hy hie de faam patte.
- ♥ De wierheid is sa kostber, dat guon minsken der te sunich mei om geane.

de fyts

*liet jonkhear bosch van drakestein
him fan syn hege tsjil
bewûnderje troch it sljochte folk*

*duchamp
helle de fyts
efter syn namme
wei*

*en ferklearre professor bolland
yn de jierren tweintich noch
de fyts
ta gefaar foar mannich frouljuskrús*

*dochs helle mannichien
de fyts yn 'e hûs*

*wat haw ik no oan 'e fyts hingjen
met je fiets bel bel
dan weet je het wel*

*sûnder fyts
wie anquetil
in earsum bouboer
yn auvergne*

*en dan de loftfytsers
sy teare de fyts
ta syn skynstal gear
en jouwe him nammen
as phoenix en gazelle*

Pier Boorsma (1944)

(Ut de koartlyn ferskynde bondel 'net allinne genôch'.)

☆ De Koperative Utjowerij (Q) brocht de tredde fersebondel fan de yn 1944 yn Snits berne en no yn Grins wenjende Pier Boorsma út. Dy hat as titel 'net allinne genôch'. Boorsma debutearre yn 1971 mei de bondel 'de neidagen fan in keamerhear' en syn twadde bondel ferskynde yn 1978: 'ûnder frjemde wetten'.




☆ De Friese Pers Boekerij hat de Merkel-rige útwreide. Yn de ferline jier opsette rige ferskine earder útbrochte súksesfolle útjeften yn pocketfoarm. Yn it earste jier kamen der seis dieltsjes út en no binne der opnij trije ferskynd. Yn it foarste plak is dat 'De wrâld is rûch', in bondel koarte ferhalen fan Rink van der Velde. De bondel ferskynde foar it earst yn 1984. De twadde útjefte is 'Tiid fan libjen', de roman fan Willem Verfdy't yn 1987 útkaam. It tredde Merkel-dieltsje is in bondel mei de moaiste fersen fan Baukje Wytsma. It binne de fersen út de earder ferskynde bondeltsjes 'It blau fan de hortinsje' (1984) en 'Heech gers' (1987).

☆ By de KFFB kaam dizze moanne in roman fan in debutearjend skriuwer út. It is 'De lêste halte' fan de yn Bussum wenjende Simen Oetie. Dat is it pseudonym foar Simen de Jong, soan fan in bekende heit. Simen is nammentlik de soan fan E.S. de Jong (1918-2001), dy't in soad boeken op syn namme hat dy't ek by de KFFB ferskynden.

☆ Utjouwerij Frysk en Frij brocht in bondel fersen fan in debutearjend dichter út. De debutant is de yn Wytgaard wenjende Andries Miedema en de titel fan syn bondel is 'Wynfearren by 't lemieren'. By deselde útjouwerij kaam ek de twadde roman fan Bouke van der Hem (1946) út. Dy hat as titel 'It poadiumbeest'.

☆ By de Afûk/Utjouwerij Fryslân ferskynden twa fersebondels. Yn it foarste plak is dat 'De dichter swijt' fan Baukje Wytsma (1946). De oare bondel is fan Harmen Wind (1945) en dy hat as titel 'Ierdewurk'.



Achte Mulder,

It begjin lei oan de Foarstreek, by de Ljouwerter, fier foar't Singelsma der oer begûn yn de steateseale: "Aldergeloks is ek it stribjen nei it bewarjen fan de karakterfolle nammeboel klear te fernimmen. As konsekwinsje fan in oanwaaksende achtinge foar it ferline en de gauris wat aparte folkstradysje wurdt rûnom besocht om de âlde nammen fan strjitten, leanen en wetters troch in offisjele erkenning fannijs te earjen. Wannear't ienris safolle sûnde en oantaasting fan de kadasterkaart fan Fryslân útwiske binne, sil dat helte makliker gean." (Jan Tjittes Piebenga, Ljouwerter fan 26 april 1952; ek yn syn 'Aarden Vaten', Lj.Kr. rige nûmer 4, 1966.)

De pet ôf foar it ferline, de jas út foar de takomst, is it sizzen. Om it ferline te bewarjen moat de takomst beskrept wurde. Sa't jo witte, hawwe 25 fan de 27 gemeenten oan de fêstewâl mei ús wetternammen akkoarte. Harns woe der net oan, ek net doe't it kolleezje dat wol woe. Faaks kin takomme jier jitris in skot op de oare útsûndering, Snits, weage wurde.

Jo krante hat him yndertiden fuort oanpast by de omneaming Hollânsk-Frysk fan de doarpen fan Ferwerderadiel, Tytsjerksteradiel, Boarnsterhim en Littenseradiel. Dat wiist mar goed. Mar Fryslân mocht gjin 'Fryslân'

Mei Bitgummoolster achtinge,

Ien fan Eigen

Yn 1998 krigen de steaten in pakje alhiel út De Haach wei, gâns plakbân der om hinne, in kaptaal oan segels der op. Doe't it lêste papier der ôf wie, lei der yn in krekt-passende foarm fan skomplestik in man foar har. "Ik bin Nijpels, E.T.H.M. Nijpels," sei dy. "Hjir soe wurk foar my wêze."

B.J. Postma

"Wolkom," jûchheiden de tsien VVD'ers. "Mar dat wie net de bedoeling, wy hawwe net om jo frege," rôpen de oare 45 steateleden. "Dat kin neat skele," klonk it út it skomplestik wei dêr't de man noch yn lei, "dat nukt my neat, keninginne en Kok hawwe my diskant útstjoerd. Help my hjir no út en sjoch as de reek dat jim yn de banken komme. Dan sil ik jim sizze, hoe't ik it hawwe wol."

It gie lang net sa't de steaten foar eagen stien hie. Kommissaris hie lak oan syn profylskets, hy woe gjin mûle/bek sette op it taaltsje fan dy heale wylden, hy sette sûnder fergunning de hân hjir en dêr ûnder, ... Dat, doe't de man de steaten ferline jier frege, oft er nochris seis jier hjir bliuwe mocht, frege de folksfertsjintwurdiging him ôf, hoe't er mei syn foarsitter oan soe. Koene se him net better oantekene oan dr. Bea en Balkenende weromstjoere? - Pakpapier en skom-

plestik wiene bewarre bleaun - Waard it netris tiid, dat Fryslân syn eigen kommissaris krige? Mar de Hollânskpraters Van der Ham (CDA) en Versteeg (PvdA) soe in kommissaris-hjirwei min útkomme en om't dy tegearre de macht hiene en hawwe, sitte wy noch wat jierren mei Nijpels oanklaud.

My tinkt, dat wy nei alle Hollânsk(sinnig)e tafersjochhâlders, nei in Rypstra, in Wiegel, in Hermans en in Nijpels ta west hawwe soene oan in kommissaris fan eigen, foar wa't ús lân net de grima herna is, foar wa't ús ABF syn taal is, foar wa't wy net de ynboarlingen mar syn folk binne.

Lêste Fryske Tsjerketsjinst yn Grand Rapids

Sûnt de fyftiger jierren wurdt yn Grand Rapids yn de Amerikaanske steat Michigan alle jierren yn maaie in Fryske tsjerketsjinst hâlden. Dit jier barde dat op 22 maaie foar de 49-ste kear. Sa'n hûndert Amerikaanske Friezen makken de tsjint mei. Takom jier wurdt op snein 21 maaie de 50-ste en lêste tsjinst hâlden. Dêrmei wurdt in tradysje fan in heale ieu ôfsletten.

Jan Jongsma

Foargonger yn dy fyftichste tsjinst is dûmny Louis (Lieuwe) Tamminga. Hy waard yn 1930 berne yn Wjelsryp. Hy wie dûmny yn ûnderskate Christian Reformed Churches yn Kanada en Amearika. Yn 1995 gong er mei pensjoen. Hy wie in heale ieu lyn ek de foargonger yn de earste Fryske tsjinst yn Grand Rapids.

Ien fan de tsjerkegongers tidens de 49-ste tsjinst wie ús lid professor Bearend Joukes Fridsma. De yn Skearnegoutum berne Amerikaanske Fries waard op 16 jannewaris fan dit jier hûndert jier. Yn LYTS FRISIA is dêr omtinken oan jûn.

Yn maaie fan dit jier reizge ik mei in groep Friezen troch de Kanadeeske provinsje Ontario en de Amerikaanske steat Michigan. Tidens dy reis brochten wy ek in besite oan it ferneamde Calvin College yn Grand

Rapids, de universiteit dêr't Fridsma heechlearaar wie.

Professor Hindrik Baron wie doe sa freonlik om my efkes nei Fridsma te bringen. Wy hawwe in noflik petear hân en hy wie bliid dat er de snein dêrfoar de Fryske tsjinst bywenje koe. "Ik hoopje dat ik takom jier de lêste tsjinst ek noch meimeitsje mei," sei de montere hûndertjierrige.

'Op Frysk pionierspaad'

By gelegenheid fan dy lêste Fryske tsjinst organisearret de stichting 'In de voetsporen' yn de twadde helte fan maaie in reis nei ûnderskate Amerikaanske steaten. It is in reis foar Friezen mei as tema 'Op Frysk Pionierspaad troch Amearika'.

De reis begjint yn Michigan. Dêr wurdt net allinne de Fryske tsjinst yn Grand Rapids bywenne, mar der steane ek besites oan ûnderskate

Nederlânske delsettings op it programma. Sa wurdt it yn 1847 troch dûmny Marten Annes Ypma en syn groep stifte Vriesland besocht, mar ek plakken as Holland en Zeeland.

Tidens de reis wurdt in besite brocht oan alle Frieslanden yn Amearika. Yn de steat Wisconsin binne dat Friesland en Frisia. Yn it earste doarp wurdt noch gauris Frysk praat troch de ynwenners, dy't foar in grut part harren 'roots' yn Dongeradiel hawwe. De lânboukrisis oan de ein fan de 19e ieu wie de oarsaak fan harren emigraasje. Frisia - de Latynske namme foar Fryslân - waard yn de fyftiger jierren fan de 19e ieu stifte troch de fan Kimswert ôfkomstige Oepke Bonnema en syn groep. Dat de Fryske emigraasje net altiten in súkses west hat, docht bliken by de besites oan Frieslanden yn de

steaten Minnesota en South Dakota. Beide oan de ein fan de 19e ieu stifte doarpen binne mislearre. Tidens de reis wurdt in besite brocht oan de restanten. De begraafplakken tsjûgje noch fan in stikje Fryske emigraasjeskiednis.

Yn de steat Iowa wurde de sted-sjes Pella - stifte yn 1847 troch dûmny Scholte en syn groep, dêr't nochal wat Friezen by wiene - en it yn 1870 troch Friezen stifte Orange City besocht.

In wichtich elemint tidens de reis is it moetsjen fan Fryske emigranten en/of harren neiteam. Ik hoopje lieding oan de reis, dy't hâlden wurdt fan 19 maaie oant 3 juny, te jaan. It programma kin by my opfrege wurde troch in telefoantsje: 0511-463869. It folsleine (Frysktalige) programma is ek te finen op ynternet: www.indevoetsporen.nl



Dûmny Scholte

B.J.P.:

JEROPE KOPKE-UNDER

Se, mear as de helte fan de Menamer riedsleden, wiene foar 'Bitgummole' foar 'Beetgumermolen' yn it plak, mar se wiene net sa foar Durk van der Schaaf en syn FNP en sadwaande stimden se mar tsjin 'Bitgummole'.

Sa wurdt it spultsje wol mear spile, de 1-ste fan juny teminsten. Se, ek nochal wat FNP'ers, wiene foar Jerope, mar se wiene net sa foar Recept Erdogan en syn Turkije en sadwaande stimden se mar tsjin Jerope.

De 1^e fan juny hie fan alle stimburo's yn Menameradiel it buro fan Wier it leechste persintaazje foarstimmers (24,6 %) en it buro fan De Ryp-I it heechste (49,6 %). By de lêste riedsferkiezings fan 2002 stimden yn Wier 39,6 % FNP en 7,5 % VVD, yn it stimburo De Ryp-I 7,4 % FNP en 18,0 % VVD. Soe de FNP safolle net mei Jerope ophawwe as de VVD? Rekkene oer hiel Nederlân wie 60,7 % fan de VVD foar Jerope.

Bertus Postma:

Oan de Kommissaris fan de Keninginne

Hechachtbere Kommissaris,

- 1. Fan de foarljochting haw ik jo beide jierferslaggen-2004 krigen. Jo ferslach fan de Kommissaris fan de Keninginne is noch like ientalich Hollânsk as dat fan ferline jier. It oare, jo boargerjierferslach, is dûbeltalich - in hiele ferbettering. It is mear as dêr't de steaten op oanstien hiene, mar minder as dêr't ik jo yn it briefke fan 2 augustus 2004 om frege hie.*
- 2. Neffens jo skriuwen fan 6 desimber 2004 - KAB 579445 - koe jo boargerjierferslach net yn ús taal skreaun wurde, om't it oare kant Lauwers en Tsjonger lêzen wurde kinne moast. Lykwols hawwe josels mei jo eigen ferslach-2004 bewiizge, dat it wol kinnen hie (en tenei kin). Oarekant de Sudersee hawwe se tenei oan in oersetting genôch. Jo meie net mear úthâlde, dat jo eigen kommissarisferslach net yn de taal/talen fan Fryslân útjûn wurde kin. Mei in Hollânske oersetting derby kriget alleman en wrâld syn gerak, diskant en oarekant de Ofslútdyk. Simple comme bonjour, soe ik sizze.*
- 3. Wy wiene yndertiden wiis mei de Ljouwerter Krante fan 12 juny 2001, sa dûbeltalich as wat. En jo? "Nijpels heeft honderd exemplaren van de krant besteld." (Lj.Kr. 13 juny 2001) Se wiene foar alle kabinetsleden ornearre. "De commissaris wilde nog eens 225 exemplaren bestellen." (Lj.Kr. 14 juny 2001) Dy woene jo de Keamerleden ta hawwe. Dêr makken jo in boppeslach mei, dêr brochten jo in stik taal de provinsjegrinzen oer. En krekt sa soe it kinne mei jo beide Frysktalige jierferslaggen + oersettings.*

-
4. *Fan 26 boargemasters oan de fêstewâl haw ik de boargerjierferslaggen-2003 yn 'e hûs, ien is nôch net klear. Seis dêrfan binne dûbeltalich en ien ientalich Frysk. Ferline jier haw ik nochal wat boargemasters oan west en sa't it no liket, komme der fan 't jier wer fiif dûbeltalige by yn Balk, Ferwert, de Sweach, Stiens en Warkum. Meielkoar sille der dan tolve wêze. As ik fan 't hjerst de 'ientalige Hollânsktaligen' fannijs op 'e lije side oan sil, sil ik har op jo boargerjierferslach wize. Taal is in saak fan minsken en sadwaande fan oerheden, woe yndertiden de deputearre drs. Liemburg hawwe: fan oerheden en dêr hearre de boargemasters ek ta.*
 5. *Der is noch wat. De Steaten hawwe lichtsjes by jo trune om eigentalige stikken yn jo boargerjierferslach. Se hawwe mear krigen as datte. Mar jo hawwe myn briefke fan 2 augustus 2004 samar fansiden lein, wol ik leauwe. Ik hie jo útsteld om ek oan It Bilt en de Stellingwarven te tinken, dêr't se jo ek as Kommissaris hawwe. Datoangeande hâld ik de foet by de kûle. Yn jo beide ferslaggen misse in side yn it Biltsk en twa, trije yn it Leechsaksysk. Sûnder dy siden taaste jo it selsbewustwêzen yn noardwest- en súdeasthoeken oan, méi dy siden sterkje jo dat selsbewustwêzen fuort. Sûnder dy sizze de boargemasters fan Stannebuert, Oosterwoolde en Wolvege fan: "Kommissaris net, dan wy ek net." Méi dy siden sizze se fan: "Wy wolle net minder as Kommissaris wêze."*
 6. *Jo binne op 'e hichte fan it provinsjale dogma fan de lykweardigens en lykberjochting fan beide grutte talen - en ik heakje dêr sels de beide streektalen oan ta, dy't de Steaten yn april 1985 ûntkommen binne. Jo witte fan de earstferantwurdlikens fan it Provinsjehûs foar ús taal en fan it stik ferantwurdlikens foar ús beide streektalen. Dêr is suver út op te meitsjen, dat in side Biltske en twa, trije siden Leechsaksyske tekst yn beide ferslaggen thúshearre.*
 7. *De Rie fan Jerope hat in ramtferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden makke. Yn Nederlân binne wy de nasjonale minderheid, de oaren de nasjonale mearheid. Yn de ynliding fan it ferdrach stiet soks as: yn in klimaat fan ferdraachsumens en twaspraak hoecht it kulturele ferskaat net op twaspjalt 'ut te rinnen; it kin, rjochtoarsom, de maatskippij ferrykje. Jo soene mei beide trijetalige jierferslaggen (plus de oersettings as it perfoarst net oars kinne soe) in bydrage leverje oan de skepping fan sa'n klimaat.*
 8. *Ut jo andert sil wol bliken dwaan, wa't de swierste fan de arguminten-pro en -kontra hat. En de swierste arguminten hearre as by de âlde Romeinen de trochslach te jaan.*

Mei Bitgummoolster achtinge, 14 juny 2005.



De helte fan ús leden en lêzers hawwe it lidmaatskips- (€7,50) of lêzersjild (€5,-) foar it jier 2005 betelle. Guon joegen sels in dofke mear, dêr't wy tige mei ynnommen binne. Foar de noch-netbetellers is by dit nûmer in strypke bysletten mei it fersyk om te beteljen. It jild graach oermeitsje op giro 1069535 op namme fan: SKATHALDER FAN DE JONGFRYSKE MIENSKIP, Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum. Brûk by it oermeitsjen net de ôfkoarting JFM, want benammen RABO-bankrekkenhâlders krije dan gauris berjocht, dat dy namme net by it gironûmer past.

It fjirde en lêste nûmer fan LYTS FRISIA fan dit jier hoopje wy yn desimber út te bringen. Dat is wol ôfhinklik fan foldwaande kopij. Wy stelle in stikje fan ús leden en lêzers tige op priis.

Der kin kopij ynstjoerd wurde op it mêd fan taalkunde, literatuer, skiednis, Frysk ûnderwiis en Fryske striid. Foar it desimbernûmer moat de kopij binnen wêze foar 1 novimber. Dy kin stjoerd wurde nei: Redaksje 'Lyts Frisia', Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum. Foar ynformaasje: tel. 0511-463869.